

Opiny Kandidaat-leden fan de Europeeske Uny moatte wurkje oan reparaasje fan taalrjochten yn eigen lân

As Oekraïne en Moldaavje wier lid wurde wolle fan de Europeeske Uny moatte se de rjochten fan de taalminderheden yn harren eigen lân serieuus nimme.



Tiraspol, de haadstêd fan de ûnôfhinklike steat Transnistrije, lizzend op de eastlike oever fan de Dnjestr-rivier. Yn it omlizzende taalgebiet binne de Russyskpratende ynwenners fan Transnistrije in absolute minderheid.

byld: Wikipedia

Doe't ik lêsten 112 skille yn Roemeenje spriek de operator gjin Ongersk, wylst ik har yn it Ongersk oansprik en út in Ongersktalich doarpke wei skille. Offisjeel

soe ik dan trochferbûn wurde moatte mei in ienheid dêr't men wol Ongersk praat, mar safier is it net kommen, want ik spriek yn it Ingelsk fierder mei har.

Mar wat soe der barre as myn dochter fan 9 skilje soe en besykje soe om út te lizzen wat der oan de hân is? Myn dochter praat allinnich mar Ongersk (en Nederlânsk) krekt lykas de bern út it doarp. Krekt fan de earste klasse ôf leare de bern Roemeensk.

Yn in [rapport](#) fan de Stifting European Language Rights út 2016 docht bliken dat it neilibjen fan de taalrjochten fan de Ongerske minderheid troch EU-lid Roemeenje net goed giet. It probleem yn Roemeenje fan diskriminaasje op grûn fan [nasjonaliteit](#) is oant de dei fan [hjoed](#) spitigernôch net opgelost.

Diskriminaasje De Europeeske Kommisje hat noch hieltyd oerlis oer it feit, dat de rjochten fan it Europeesk boargerskip foar Ongersktalige Roemeenske boargers net jilde. Dat is swart op wyt in die fan diskriminaasje.

Dêrom is it ek sa wichtich dat EU-kandidaat-leden Oekraïne en Moldaavje no al de taalrjochten fan harren autonome minderheden erkenne. It neilibjen fan taalrjochten troch it ferdrach fan Straatsburch út 1996 wie ommers de hurde talittingseask foar de Europeeske yntegraasje fan de eardere Sovjet-satellytsteaten.

Noard-Masedoanje mocht krekt NAFO-lid wurde yn 2020, neidat it de taalrjochten fan syn autonome Albaneeske minderheid erkend hie. Slowakije mar ek Roemeenje waarden krekt EU- en NAFO-lid, nei't se de taalrjochten fan de histoaryske Ongerske taalminderheden erkend hiene.

Kandidaat-lid Oekraïne hat al bewiisd de Europeeske wearden wat monder ernst te nimmen.

As Moldaavje lid wurdt fan de EU sille praters fan it Russysk en it Gagaoezysk yn Moldaavje, dat krekt lykas buorlân Roemeenje allinnich Roemeensk as offisjele taal hat, yn it Roemeenske taalgebiet fan de EU in absolute minderheid fan minder as 5 prosint foarmje. No foarmje se binnen Moldaavje yn harren eigen ôffallige steat [Transnistrije](#) en binnen de autonome provinsje [Gagaoezje](#) de mearheid en kinne se harren taal frij brûke yn it iepenbier bestjoer.

Kandidaat-lid Oekraïne hat al bewiisd de Europeeske wearden wat monder earnst te nimmen troch yn april 2019 in taalwet oan te nimmen, dy't praters fan minderheidstalen besteande rjochten [ûtnimt](#) om harren taal frij brûke te kinnen yn 'e soarch, de hannel, de kultuer, it ûnderwiis en by justysje.

Troch harren ôf te setten tsjin harren Russysktalige Sovjet-ferline ûndergraaft Oekraïne ek de tige delikate balâns tusken de rjochten fan de praters fan de meerderheidstaal en dy fan minderheden.

In húshâlding út it Oekraynske [doarp](#) Szelmenc kin tusken 1920 en 1996 yn acht ferskate lannen wenne hawwe sûnder it [doarp](#) ea ferlitten te hawwen.

De Oekraynske taalwet is lykwols rjochte tsjin it fan wjerskanten fersteanbere Russysk mei it doel om de Oekraynske taal te ferstevigjen, mar makket ek de talen fan kwetsbere [histoaryske minderheden](#) lykas it Ongersk, Poalsk, Roemeensk en Roeteensk ta [bykommende skea](#) fan de kriich mei Ruslân.

De skiednis fan it Oekraynske doarp Szelmenc is in treffende yllustraasje foar de tragyske skiednis fan minderheden yn Sintraal-Europa. In húshâlding kin tusken 1920 en 1996 yn acht ferskate lannen wenne hawwe sûnder it doarp ferlitten te hawwen ([Eastenryk-Ongerslân](#), [Earste Tsjechoslowaakske Republyk](#), [It Ongerslân](#), [Sovjet-Uny](#), [Oekraïne](#), [CSSR](#), [CSFR](#), [Slowakije](#)).

De [Ongersktalige](#) ynwenners fan Szelmenc wurde hjoed-de-dei troch de Oekraynske taalwet bedrige. Op grûn fan [Kêst 30](#) fan de Oekraynske taalwet moat in mem efter de toanbank fan in dorpswinkel in doarpsgenoat of sels har eigen bern ommers earst yn it Oekraynsk oansprekke. Soksoarte fan wetten binne desastreus foar kwetsbere histoaryske taalminderheden, om't se ta selssensuer liede.

Taalrjochten werstelle Krekt as by in proeftiid yn in arbeidsoerienkomst is de talittingsproseduere de tiid dêr't EU-kandidaat-leden lykas Oekraïne en Moldaavje harren ferbûnens mei [Europeeske wearden](#) planút yn bewize moatte.

Dat is no krekt dêr't de skoech knypt. De EU heart net út in dizich soarte fan idealisme wei, mar krekt út strategysk belang foar [frede, feiligens en fersoening](#) wei serieuus wurk te meitsjen fan it ôftwingen fan basale minskerjochten. It morele besteansrjocht fan de EU komt ûnder druk te stean, salang't Europeanen, dy't diel útmeitsje fan kwetsbere histoaryske minderheden net yn [feilichheid](#) libje kinne yn de kandidaat-lidsteat of yn de lidsteat dêr't de grêven fan harren foarâlden yn lizze.

Kandidaat-lid Oekraïne kin fuortendaliks oan syn ferplichtings foldwaan troch de taalrjochten te werstellen nei de situaasje fan foar de grutskalige protesten yn Oekraïne yn novimber 2013, dy't ûntstiene as reäksje op it hommelse beslút fan president Janoekovytsj om de assosiaasje-oerinekomst mei de EU net te ûndertekenen. Moldaavje kin troch - krekt as It Belzelân - trijetalich te wurden fuort syn ferbûnens mei Europeeske wearden bewize.

Gabor Landman, foarsitter fan de Stifting European Language Rights.

[ND sneon 27 septimber 2025.](#) ([Nederlânsk](#) , [Ingelsk](#), [Ongersk](#) , [Frysk](#))